

De fredesfunksje fan de jonge Troelstra

Fryske literatuer om it kanteljier 1880 hinne

Abe de Vries

1880 is lang lyn, 139 jier om presys te wêzen. Frysk-literêr besjoen is 1880 it jier dat Piter Jelles Troelstra him foar it earst oppenearre as Frysk dichter, yn *Forjit my net!* en it *Friesch Volksblad*. Hy wie 19, waard dat jier 20. Wikipedia seit dat yn dat jier in begjin makke waard mei it Panamakanaal. De gloeilampe waard útfûn. Yn Ruslân ferskynde de *Bruorren Karamazow* fan Dostojewski. Wy witte it faak al net mear, mar te uzes wienen wy al bliid mei it toanielstik yn fjouwer bedriuwen *De pronkskens fan de froulju is de manlju har skuld*, fan de hân fan de Snitser bakker Jan Sybrands van der Steegh.

Sa'n titel – en it wie in populêr toanielstik op 'e doarpen – jout de Frysk-literêre moade fan 'e tiid aardich wer. It is in moraalstik tasnijd op lytse mienskippen en dan giet it oer jins sosjale hâlden en dragen. In folle behannele probleem wie dy 'pronksucht'. Dy waard earder wol, yn de ekonomyske bloeitiid fan de fyftiger jierren, presintearre as in karakterswakke dy't de Fryske boerestân oanklibbe. Bygelyks troch Waling Dykstra, yn syn earste twa Haitskemoai-stikken oer de ûnôfhinklike boerinne Haitskemoai en har dochters. No betref it op 'e nij froulju, hoewol't in resinsje yn it *Volksblad* fan Van der Steegh syn stik it maatskiplik euvel algemiener hawwe woe:

As jin troch spyljen it ferkearde ûnder 't each brocht wurdt en dêr de ienfâld, it goede, sa fol hope en fertrouwen, tsjinoer, dan kin nimmen it ligen hjitte, dat neiaperij en pronk ûngelokken te wei bringe. En wat it allermoaiste derfan is, ús bern wurde der better fan.

Sa'n stik krige dus in stevige mar ek brave moraal mei: it Fryske publyk moast it ferkearde ôfswarre en it ienfâldige en goede dwaan. *De pronkskens fan de froulju* past yn it byld fan in tiid fol moraal en sosjaal-morele werdefinysjes, bewegingen yn de literatuer dy't te sjen binne as reaksjes op ûnderskate sosjale feroaringsprosessen. Ik neam fjouwer fan dy prosessen.

Fan ekonomyske bloei wie yn 1880 gjin praat mear. Yn de twadde helte fan de santiger jierren kamen der al foartekens fan de lânboukrisis dy't Fryslân fan 1878 ôf hieltyd breder treffe soe. Te uzes wie de sitewaasje namste slimmer meidat de molkfeehâlderij sa dúdlik achterop rekke wie yn ferliking mei bygelyks it Deenske buorkjen. Elkenien mei in bytsje kijk op boeresaken wist fan it gefaar fan de Deenske bûter, dy't it op 'e ynternasjonale merken al wûn fan de Fryske.

Yn de literatuer waard de ferklearring socht yn in minsklik tekoart, presys, yn pronkskens. De ekonomyske tebegong moast wol lizze oan de net mear sa flitich en fleurich en sûkerskjinn tsjernjende Fryske boerinne, dy't it te drok hie mei it neifolgjen fan de nijste moade oan huodsjes en linten, en net mear sels de hannen út de mouwen stuts, mar ûnbetrouber personiel it wurk dwaan liet.

In twadde proses dat him yn de santiger jierren oanwize lit, is ynterne emigraasje yn de foarm fan urbanisearring, ik bedoel dêr yn dit gefal mei de trek fan it plattelân nei de stêd. De bloei fan de fyftiger en sechstiger jierren brocht in stream op gong fan minsken dy't har yn de stêd fêstigen, benammen yn Ljouwert, dat sawol de rintenerjende boeren fan it noardlike plattelân opfong as it befolkingsoerskot, dat it op 'e doarpen om ien of oare reden te krap om 'e fuotten waard, ek al om't it ûnderwiis ferbettere en mear minsken de mooglikheid krigen om fierderop te sjen. Meindert Schroor hat optekene dat de bûtenwiken fan Ljouwert yn de

santiger jierren mei 57 persint groeiden; dy waarden mei oare wurden yn mar tsien jier tiid de helte grutter.

In tredde sosjale ûntjouwing fan belang om de literatuer út dy tiid better pleatse te kinnen, is ferboargerliking. In hieltyd gruttere middenstân ûntstiet troch it opnimmen fan it opstribjend part fan de arbeidersbefolking. Fetsoen, hurd wurkje, en frije tiid en oplieding genôch foar fermeits en kultuerproduksje binne dêr sa in pear skaaimerken fan. Ek – dêr hat Goffe Jensma yn in stik yn *Us Wurk* op wiisd – is hjir in feroarjend kultuerkonsumpsjegedrach mei mank. Koartsein: de boarger is hieltyd minder in taharker en hieltyd faker in lêzer.

It fjirde proses dat hjir fan belang is, en dat yn de santiger en tachtiger jierren syn hichtepunt hat, is de konfesjonalisearring fan ûnderwiis en polityk. Dit binne de heechtjiden fan de skoallestried op it plattelân, dêr't 'fine' en 'grouwe' doarpen ûntstean om it skoaltype fan har foarkar hinne en dêr't bytiden grutte oantallen minsken yn beweging komme foar har ideaal. Dat bringt politike tsjinstellingen mei him mei tusken liberalen en sosjalisten oan de iene, en konfesjonelen en konservativen oan de oare kant dy't hieltyd skerper wurde. Yn guon Fryske gemeenten wurde hurde konfrontaasjes levere oer bygelyks gemeentlike stipe oan kristlik ûnderwiis, mar ek oer sokke ferdjerlike saken as de merke op it doarp, of prekêre, lykas de oanstelling fan dizze of jinge dûmny of predikant.

It is yn dy maatskiplike konstellaasje, dy't yn guon opsichten in hieltyd gruttere ferdieldheid sjen lit, men kin ek sizze: dy't begjinnend yndividualisearret, dêr't de Fryske literatuer en Fryske skriuwers har om 1880 hinne yn pleatst sjugge en dêr't hja har ta ferhâlde en in reaksje op foarmje. En dy skriuwers reitsje sels ek ferdield fansels of hawwe ûnderskate fisys en stânpunten. Gerben Postma en Lucius Murray Bakker bygelyks bringt men earder yn ferbân mei 'hegere' tema's as Waling Dykstra.

Yn dy sitewaasje fear it Selskip foar Fryske Taal en Skriftekennisse, it belangrykste kultuerpolityk orgaan fan Fryske skriuwers, ûnder foarsitterskip fan fabrikant en liberaal politikus Jacobus van Loon, in koerts dy't de slimste tûkelteammen út 'e wei gean moast. It konstruearjen fan in Frysk ferline en in Frysk folkskarakter – fuortbouwend op it wurk fan sawol Eeltsje Halbertsma, Harmen Sytstra as Waling Dykstra – wie noch de feilichste wei om te gean. It Selskip beseach de tanimmende maatskiplike tsjinstellingen yn de santiger jierren troch liberale eagen en woe tsjerklike en religieuze ferskillen it leafst oersljuchtsje en oerstimme mei it Frysk-nasjonale tema. Fryksinnigen moasten har drok meitsje om har taal en literatuer, net om sosjalisme of teologyske ferskillen, of hoefolle kear mear as in sljuchtwei arbeider de nije rjuchtsinnige dûmny fan dat en dat plak opstrieke soe. De skriuwer dy't him noch it ûnnoflikst field hawwe moat ûnder sa'n kompromisstrategy wie Waling Dykstra, dy't wol yn it haadbestjoer fan it Selskip siet, mar syn maatskiplike en sosjale fisys rom baan joech, ûnder mear yn syn eigen *Friesch Volksblad*.

In oar doel fan it Selskip wie it berikken fan in bredere groep lêzers foar Fryske literatuer en teksten. It hie de ambysje om mei te groeien mei de middenstân en it him ûntjaande ferieningslibben yn sjong- en toanielferbân. Yn lietebondels waarden no bygelyks ek de noaten ôfprinte, wylst earder faak inkeld in wize-oantsjutting jûn waard. Yn de santiger en de earste helte fan de tachtiger jierren ek noch, hie it Selskip de wyn dúdlik yn 'e seilen. Tweintich jier lang hie it stabyl sa'n 150 leden hân, mar no gie it rap omheech: yn 1869 wienen der noch 151 leden, mar yn 1874 al 171 en yn 1884 sels 543. It entûsjasme foar Frysktalige kultuer naam yn de jierren om 1880 hinne mei oare wurden dúdlik ta.

En dêr is dan Troelstra. In sterk romantysk talintearre tsjoender mei de pinne, fan 19 jier, út in Frysk-literêre famylje. As HBS'er yn Ljouwert giet syn literêre ynteresse út nei Nederlânske (Vosmaer) en Dútse (Bürger, Heine) foarbylden. Yn it Frysk bringt er styl, yndividualisme en romantyk op in wize dy't sawol ferwant is oan de eardere Ljouwerter

Iduna-skoalle, dêr't ek syn heit Jelle Troelstra ta rekkene wurde kin, en minsken as Hendrik Fennema en Johan Winkler, as oan de jongfeinteromantyk fan de jonge, en it folkskaraktertinken fan de âldere Waling Dykstra.

In ferrassende foargonger fan Troelstra, tusken twa heakken, is immen dy't letter foaral as literêr achterbliuwer ôfskildere is: dat is de Marsumer heareboer en yn Ljouwert tige populêre 'platte' toanielskriuwer en dichter Tsjerd Velstra, dy't in jier foar de ferskinning fan Troelstra op it toaniel al pleite foar mear yndividualisme en gefoel yn gedichten. By Velstra resultearre dat yn in lange rige súksesfolle, tsjintwurdich soenen wy sizze: kommersjele, sentimenteel-romantyske toanielstikken foar it Ljouwter Toanielselskip (dat al foar de oprjuchting yn 1881 út ein set wie as it Ljouwerter kritetoaniel) en in tal meast tekoartsjittende gedichten; Troelstra hat syn talint fansels wól wiermakke.

Mar de let-romantyk hong yn de loft, yn Ljouwert, yn 1880, woe 'k hjir mar mei sizze. Dat is dus net los te sjen fan de sosjale prosessen dy't ik earder oantsjutte. In part fan de befolking hie it plattelân ferlitten, mar net syn oantinkens – sa't Troelstra Stiens ferlitten hie, mar der net los fan kaam. De ekonomyske krisis late ta in idealisearring fan it Fryske ferline, fan âlde trêften, in krêftich folk, warbere boeren en boerinnen. Fryske kultuer hie him krekt (1877) nei bûten ta presintearre mei in Grutte Histoaryske Tientoanstelling yn 'e stêd, ynklusyf ûnstedske Hylper stylkeamer en gouden earizers, doe't de krisis tasloech. Lútsen Wagenaar, dy't letter dûmny wurde soe, dichte syn romantysk-histoarysk epos 'Tsjerk Ages' en Troelstra, foar safier't er net de boerejongfammen en har seden en de frijerij as doelwyt hie, spile net minder nasjonaal by mei titels as 'Fryslân boppe' en 'Sil Fryslân Fryslân bliuwe?'

Troelstra begjint yn 1880 as dichter yn it *Friesch Volksblad* mei it bekende 'Soks docht in echt Frysk famke net', in spotfers dat yn de trant fan Waling Dykstra op it behâld fan 'Fryske' seden oantrúnt:

Wat fammen oait har sedichheid ferjitte,
En frjemde feinten by har komme litte;
Wat faam in houliksoanfraach yn 'e krante set:
Soks docht in echt frysk famke net!

Dêrnei hat er, soe ik suggerearje wolle, yn it *Volksblad* seis fersen yn deselde satiryske trant publisearre dy't oan no ta net oan him taskreaun binne. It giet om de rige 'Stikels' yn de simmer fan dat jier, dat binne seis koarte fersen titele 'Stikel', 'Duel', 'Liberael', 'Foar en efter de Skermen', 'Lenore' en 'Oan in Liberael'. It earste is in nochal grof fers tsjin in rjuchtsinnich dûmny, dan folgje in ferliking fan Frânske mei Fryske seden, in protest tsjin stimmekeaperij, in ferliking tusken in aktrise foar en achter de skermen, in krytyk op Tsjibbe Geart van der Meulen syn oersetting fan de ferneamde romantyske ballade 'Lenore' fan Bürger, en in krytyk op in konservatyf-liberaal dy't neat sjocht yn algemien stimrjocht. Mei sa'n figuer soe Troelstra syn eigen heit op it each hân hawwe kind, mei wa't er lykas bekend in problematyske relaasje hie.

Op it earste, wat puberale fers nei komme de tema's aardich oerien mei syn *hangups* yn dy tiid (Fryske seden, liberalen, toaniel, Bürger). Lenore yn Fryske klean, dat sinniget him net – it liket in wjerlûd fan 'Soks docht in Frysk famke net':

Lenore, faem, bistou 't? En dat yn Fryske klean!
'k Fyn 't earizer en jak net botte moai dy stean.
Yn Dútsklân wierste, faem, de moaiste fen de wrâld,
Yn Fryslân bâlteste en gûlst', bist kreupel, lilc en âld.

Troelstra hat dan krekt mei Oebele Stellingwerf it toanielselskip Gysbert Japiks oprjochte. Fan Bürger is er in leafhawwer, hy hat op de HBS wurk fan him oerset yn it Nederlânsk, meldt syn biograaf Piet Hagen. Mar nei de rige ‘Stikels’ lit er it sjenre los en set er fierder yn romantysk-anekdotske styl. Yn 1882 brocht er noch in kear in rige koartdichten, de ‘Eddarunen’, dy’t har dan net mear op sosjale krytyk mar op humor en libbenswiisheden rjochtsje.

Ik soe no twa punten meitsje wolle. It earste betrefte de blik sa’t wy de literatuerskiednis besjuge. De nije Fryske literatuer om 1880 hinne wurdt meast inkeld typearre as in generasjonele fernijersliteratuer, mei jonge minsken oan kop as Troelstra en Onno Sytstra dy’t mear gefoel bringe woenen, en minder moraal. It is lykwols mei likefolle rjucht in literatuer dy’t om kultuernasjonale romantyk en folkloare siket – dus om in ‘nasjonale moraal’ – dy’t de folksienheid bewarje kin, yn in yndividualisearjende, ferboargerlikjende klassemaatskippij yn ekonomyske krisis.

De mear realistyske literêre rjuchting, sis mar de ‘âlde’ styl, dy’t yn it *Volksblad* rommer as de romantyske oan bar komt, ferpakt syn boadskippen minder gau yn histoaryske of eksplisyt nasjonale en earder yn aktuele sosjale en morele tema’s, lykas rjuchtfeardichheid, persoansrelaasjes, humor en deistich goed en kwea. Dy rjuchting hat it yn de Fryske kultuernasjonalistyske kanonfoarming mei net in rigel oprêden, sa’t ik op *Fers2* sjen litten haw, mei as belangrykste reden dat sokke praktysk-engazjearre literatuer yn de omstannichheden fan ‘1880’ behalve minsken oanspruts ek hieltyd grutte groepen oaren ôfskrok en sadwaande ôfhold fan it Frysk.

It twadde punt betrefte it ferskinen fan Piter Jelles Troelstra oan it dichtersfront: dat is te sjen as in resultante fan syn talint én in tal maatskiplike faktoaren. Krekt dy lêsten makken dat syn talint ek oansloech, en dalik al as in útdrukking sjoen waard fan in wolkomme ‘ferjonging’, yn alle gefallen fan in koertsferoaring. Syn dichterskip wie yn ’e begjinperioade, nei in polarisearjend opstapke, tink oan de rige ‘Stikels’, it earste yn in opgeande ‘nije tiid’ fan Frysk-kulturele let-romantyske ‘oerkoepeling’ – pasifikaasje – fan politike, sosjale, ekonomyske en religieuze tsjinstellingen yn de begjinnende ferpyldering. Men kin dan wize op gedichten as ‘Oan in Jongfaem by hjar boask yn Maeije 1880’, ‘Myn Broerke’, ‘Jan en Foekje’, ‘Oan Thys en Tryntsje van den Berg’, ‘Widzesankje’ en ‘Sneintemoarn’, dy prachtige aubade oan boerefaam Wytske. It folkslibben tekenet er mei in sympaty yn ‘Bernelibben’, ‘De Terhernster melkers’ en ‘Oan Hessel Brolsma’.

Foar in part fan syn publyk ferlear er dy politike fredesfunksje yn 1890, doe’t er sels syn neutraliteit ferbruts. Dat wie mei de publikaasje fan it sosjalistyske gedicht ‘In nije tiid’ yn syn eigen tydskrift *For hûs en hiem*, it ferhaal is bekend. Hy hie doe tsien jier dichte. De opmars fan it Selskip wie doe al ta stilstân kommen; de earmoedige twadde helte fan de tachtiger jierren lit in sterk ledeferlies sjen. ‘In nije tiid’ wie foar Troelstra it begjin fan in 19-jierrich swijen en in libben yn tsjinst fan de polityk, net langer fan de poëzij, mei útsûndering fan noch ien eksploazje, mei men wol sizze, yn de simmer fan 1909 yn Stiens.

Ta beslút, as men no mei alle geweld parallellen sjen wol mei de literêre sitewaasje fan hjoed yn Fryslân, 139 jier nei 1880, en op deselde wize in ferbân lizze wol tusken maatskiplike sosjale prosessen en Fryske literatuer, dan hat men fansels in probleem.

Achterôf is it makliker om maatskiplike feroaringen en foaral har kulturele wurking oan te wizen en wy sitte no midden yn uzes. In pear stekwurden lykwols lizze foar de hân, ik neam de ekonomyske krisis fan 2008 mar ek ûntjouwingen as digitalisearring, mediatisearring, kommersjalisearring, subsydisearring en ‘ûntfrysking’ yn it ûnderwiis. En tafallich of net, de ‘nije Troelstra’s’, soms mei likefolle of mear, lykas Tsjêbbe Hettinga, mar meast mei folle minder talint en mooglikheden – dat binne ek tsjintwurdich dy dichters dy’t in maatskiplike brêge- en ferbinersfunksje takend krije, ambiëarre of ferfolje, en sadwaande de poëzij beheine ta in polityk fierhinne neutrale, ûnskealike rol dêr’t sawol yn bewegersrûnten, by de kultuerkommersy as yn de provinsjale polityk ferlet fan bestiet.

Dat is oan de iene kant foar de Fryske, minderheidstalige, jimmer bedrige literatuer net per se ferkeard. It fergruttet it publyksberik troch ferbettere sichtberens, it kin belangstelling losmeitsje dêr't dy earst net wie. Oan de oare kant is der ek in dúdlik gefaar. Dat gefaar skûlet yn de oppermacht fan de *middle of the road*, de lege foarm, de neatsizzendheid, de skyn, de suggestje fan persoanlikheid, de koarte baan, it elk-is-it-der-wol-mei-iens. Of neam it eangst foar fisys, kritek, métier en ambacht, in eangst dy't ferburgen gean kin achter it ophimeljen fan ynspiraasje en opstiging. Wat dan driget, is marzjinalisearring fan de poëzij. Dêr't de échte Troelstra, ta syn ear, en tekenjend foar syn betsjutting as Frysk romantysk keunstner, úteinlik net akkoart mei gean koe – hy hold der gewoan mei op.

*

Lêzing, útsprutsen by de presintaasje fan *Mijn harp is voor jou. Gedichten van Piter Jelles Troelstra (1860-1930)*, op tongersdei 28 maart 2019 yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar yn Ljouwert.